

SKRIFTLIKE FRAGEN, eks kêst 42 Reglemint fan Oarder

Rjochte DS/lid DS	Deputearre S. Poepjes
Ynljedende taljochting	<p>Al in oantal jierren wurdt fersocht om oan ynsprutsen teksten te kommen om it Frysk ek foar allerhande digitale tapassingen te brûken.¹ Apps kinne op dy wize spraak nei tekst en tekst nei spraak ymplementearje. Sa is ek dit neijier wêr oandacht frege foar dizze aksje. Al sûnt 2018 wurdt troch ferskate partijen oan dit projekt wurke.</p> <p>Yn de tarieding op dizze fragen wie it foar de fraachsteller in toer om op é hichte te kommen fan de hjoeddeistige stân fan dit projekt. Ek it projekt sels is muoisum te finen. De úteinlik fûne webside toant net oan dat der sprake is fan in grut tal dielnimmers.</p> <p>Ien fan de digitale tapassingen fan spraakwerkenning is it automatysk ûndertiteljen fan fideo. In probleem fan de âlderein is faaks dat men it sprutsen wurd op bygelyks de Omrop net folgje kin. Ek minsken mei dôvens ha hjir uteraard lêst fan.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Wat is oant no ta it resultaat fan dit projekt?2. Op hokker wize is de provinsje - op basis fan har belied om it Frysk te stypjen - belutsen by dit inisjatyf? En op hokker wize wol de provinsje de útfiering dêrfan befoarderje?3. Is DS ek op 'e hichte fan de stân fan saken fan it ûndertiteljen fan video yn it algemien en yn it bysûnder op de stjoerder fan de Omrop? Hokker ôfspraken binne hjiroer makke?

Yntsjinner	ChristenUnie, Lieuwe van der Pol D66, Bea Bijlsma SP, Hanneke Goede
------------	---

Datum	1 decimber 2022
-------	-----------------

¹ [Common Voice \(mozilla.org\)](https://www.commonvoice.org/)